

Iisfoarstin

Martha Hemminga, "Heldin fan d'izeren wjuk"

Martha Hemminga wie yn it tiidrek 1917 oant 1924 de bêste hurdrydster fan Fryslân op de koarte baan. Sy waard berne op 17 april 1900 op in boerepleats op Sitebuorren ûnder Grou.

Martha wie yn dy tiid in legindaryske ferskining op de Fryske iisbanen, sy wie breedskoudere en tige sterk mei har blonde hier en ljochtblauwe heldere eagen. Sy wie ien fan de jongste famkes fan de famylje Hemminga, út in gesin fan alve bern.

Reedride dat wie wat! Op redens oer nei Grou dat wie wat! Iisklup "Foar It Jonge Folkje" hâlde op de Baai in riderij foar jonges en famkes, fan tolve oant en mei fyftjin jier en troch elkoar lotsjen.

Der wiene doe yn Grou ek al in soart bern, dat jo rekken ek samar net yn de prizen. It waard doe de preemje. Sy ried doe mei Andrys Hondema, dy't letter jierrenlang noch yn de gemeenterie fan de gemeente Idaarderadeel sitten hat.

Martha treau Andrys benei hast oer de kop, mar sy moasten it dochs ôflizze tsjin Tsjalke

Boonstra en Johanna de Boer.

De winter fan 1916-1917 wie in tige stringe winter en de famylje Hemminga wie doe ek al ferhuze nei in pleats op Poppenhuzen ûnder Aldeboarn.

As tige jong famke slagge it earst noch net, mar doe't sy sa'n opslûpt famke waard, krige Martha

de smaak goed te pakken op har Lantinga redens. Dat wiene ien fan de bêste merk redens foar

Martha, dêr koe sy tige goed op út de fuotten komme. Martha wie in echte "streekrydster",

sy hie in bêste streek ûnder de kont.

Martha mei har lange en soepele slach en sy lei as in hûs sa fêst op it iis. Sy droech stevige

gymnastykskuon op de redens.

Martha joech har eartiids meastal op foar de wedstriden middels de Ljouwerter Krante, dy kaam

middeis omstreeks 12 oere mei de post by harren op de pleats.

Mar as de post te let wie, dan wie sy net yn de gelegenheid om har yntiids op te jaan.

Mei dêrtroch miste sy somtiden ek wol ris wedstriden.

Meastal ried Martha, as 't koe, op redens nei de wedstriden, mar somtiden ek wol mei de trein.

Mar as it iis net sterk genôch wie, dan wie it in ûnfoarstelbre grutte reis, oer polderdiken en somtiden modderige en donkere paden en waard der ek gebrûk makke fan de bûthûsstâl lantearne.

Understeand dogge wy ferslach fan ien fan har earste wedstriden, dy't sy ried yn Workum op

29 jannewaris 1917, Martha wie dus doe noch mar 16 jier âld.

Der wiene net folle dielnimsters en Martha tocht der al oan om nei in oare wedstryd te gean, mar it Workumer bestjoer slagge der dochs noch yn om de wedstryd troch gean te litten.

De jonge Martha reizge doe mei har broer Pyt nei it stedsje Workum mei de trein.

Sy rekkene der wol op dat sy mei de healwei fiven trein werom koe nei hûs, dat hie sy ôfpraat mei it

Workumer bestjoer .

Mar der siet net folle skot yn de wedstryd en de tiid gong wol troch fansels.

Hjirtroch kaam

Martha yn grutte tiidneed, dat Martha wer mei har broer Pyt nei it bestjoer ta, dy't harren tasein hiene dat de wedstryd op tiid ôfrûn wêze soe.

It Workumer bestjoer hie al lang sjoen dat Martha de hurdste rydster wie, dat sy kamen doe mei

it foarstel dat Martha har tjinstanster 5 meter foarsprong jaan moast en as Martha it dan winne soe

dan krige sy de 1^{ste} priis. Martha hie hjir gjin beswier tsjin en sy fersloech har tjinstanster mei grut

ferskil.

De trein, fan healwei fiven gong út Workum en Martha en har broer Pyt sieten der gelokkich ek

yn mei de priis yn de bûse!

Sy moat doe wol efkes glimke ha ,doe't de oare treinreizgers dy't by har yn de trein sieten, tsjin elkoar seine dat de wedstryd noch lang net ôfrûn wie.

Der sille doe net folle minsken yn de trein sitten hawwe, dy `t der fan op de hichte wiene, dat de

priiswinster tsjinoer harren, al yn de treinkûpee sitte soe en dat de froulju op de iisbaan om de 2de

priis rieden.

Op de Gordyk waarden der eartiids ek ris op ien dei 2 wedstriden op ien middei holden, ien foar

mânlju en ek ien foar froulju.

By de wedstiid foar mânlju wie de priiswinner in rider dy't de oaren mei gemak ferslein hie.

By de froulju wûn Martha doe ek de 1ste priis , sûnder in soort ynspanning.

Doe kaam it Gordykster bestjoer mei it foarstel om de beide winners tsjin elkoar ride te litten.

De man seach der wol wat tsjin oan om it tsjin in jong frommis op te nimmen en woe har mar in

pear meter foar jaan.

Mar dat woe Martha perfoarst net en tocht: "Kom mar op mantsje dan, ik sil dy nochris wat sjen litte".

Sa kamen sy beide dus oan de streek te stean en gie it los om de ekstra priis. Wat blik dat de man koe it lang net rêde tsjin Martha Hemminga, mei de bêste wil fan de wrâld net.

It boerewurk hie har tige sterk makke, Martha ried net allinne op de koarte baan , mar sy die ek wol

mei oan it pearriden en wie sy mei Jacob Faber fan Himpens in tige sterk koppel yn dy jierren.

Wat de prizen oanbelanget, in briefke fan 100 gûne wie gjin seldsumens, dat wie yn dy

tiid in grut kaptaal fansels. Yn Haren wûn Marha ek al ris 120 gûne! en fierders goudene horloazjes

en medaljes . Martha wûn mar leafst 48 earste prizen byelkoar yn har hurdriderstiid !

Martha hie ek noch har favorite iisbanen ,dat wiene Ljouwert, by de Bleekerstrjitte of de Prinsetún, as it echt sterk iis wie.

Nei ôfrin fan de wedstryd yn optocht nei Hotel de Doelen yn Ljouwert, dan wie it grut feest fansels

as jo de priis wûn hiene. Ek yn Aldtsjerk mocht Martha graach ride.

It gong har ek wol gauris oan it hert om bepaalde tsjinstanners, dy t it jild sa brea nedich hiene, om

dizze famkes der ôf te riden. Mar ja, as sy it net die dan diene de oaren it dochs noch like goed wol.

By in wedstryd yn Aldtsjerk wie der alris ien dy' t besocht om Martha der tusken te nimmen,

mar dat naam Martha it bestjoerslid Veldstra doe perfoast net yn tank ôf.

Wat wie it gefal , it bestjoerslid fersocht Martha doe't sy tsjin in jong Aldtsjerkster famke , dus de

pleatslike favorite, yn de baan moast, om it wat te skikken mei de rit tsjin har.

Martha koe dizze rydster net en fertroude it bestjoerslid Veldstra en se sei: "Ik lit har wol efkes wat foar gean".

Mar wat blik ,it famke koe tige goed út einkomme en Martha hie ûnferwachts klauwen

om har dochs op it ein, noch krekt te ferslaan.

Dêr hie Veldstra har dochs noch hast te pakken, mar dat liet Martha har yn de oare omloop net wer

barre, dat doe sy wer oan de streek stiene, sei Martha tsjin Veldstra: "No moatte jo

efkes oan de kant stean gean, dan sil ik jo sjen litte, hoe't dit Aldtsjerkster famke ride kin".

En doe hat Martha it Aldtsjerkster famke oan flarden riden. Sy liet har net bedonderje !

Martha hie ek in hiele dúdlike miening oer it "partsjen".

Sy kin wat dat oangiet gelokkich efternei sizze, dat sy noait dield hat, net ien kear , al wie it

har somtiden hast te mânsk yn de lêste jierren.

Want diele foar de oerwinning wie neffens har óf mei de eare thúskomme sûnder jild óf mei

it jild thúskomme sûnder eare.

Yn de lêste jierren fan Martha har reedriderstiid moast Martha, doe 170 pûn, ferlieze fan de doe opkommende stjer Janna van der Meulen, doe 120 pûn, fan Wergea, dy` t 7 jier jonger wie.

Op de riderij yn Wergea op 17 jannewaris 1924, sei Martha tsjin Janna : “Do moast it hjoed al wat skikke mei my, want ik ha de hiele nacht ek al yn de baan west yn it bargehok, omdat de sûch bigje moast”.

Cornelis Kasje (der is yn Wergea in strjitte nei him neamd) dichtte doe :

“Daar staat ze weer, die stoere ijsvorstin,

Zij zal haar krachten nog eens tonen.

Maar naast haar staat een jonge ijsheldin

Een nieuwe ster op 't ijs, uit Frieslands schoonen.

Twee sterren op het ijs in glorieuze kracht.

De een straks zacht verbleekt, de ander in schitterpracht”.

Janna van der Meulen waard berne yn Wergea op 16 April 1907, sy troude letter mei

Jan de Boer en waarden boer en boerinne op de pleats “Heechhiem” by Grou.

Martha Draaisma- Hemminga is 68 jier âld wurden.

.

Dick Jellema

Bron: Ljouwerter Krante